

Sjueryrapport foar de Simke Kloostermanpriis 1992.

Achte bestjoer fan it Simke Kloostermanlien, achte oanwêzigen, achte priiswinder, bêste Mindert,

Graach wolle wy as leden fan de sjuery foar de Simke Kloostermanpriis 1992 begjinne mei de bestjoersleden fan it Simke Kloostermanlien te betankjen foar it betrouwen dat sy yn ús steld hawwe. Wy kinne net oars sizze as dat wy ús wurk mei in soad nocht dien hawwe. Dat is bepaald gjin frase, sa't jo dy oan it begjin fan sa'n praatsje jo publyk ornaris foarhâlde. Nee, it stiet ús tige oan konstatearje te kinnen, dat de kwaliteit fan de Fryske berne- en jongereinliteratuer de lêste jierren knap foarútgiet. Dat makket, en dat is de oare kant, it wurk fan in sjuery dy't bepale moat, wat yn de ôfrûne jierren it bêste wie, der útsoarte net makliker op. Dêrom net, der binne fansels mindere omstannichheden om yn te wurkjen: út 'e folop tarre is altiten aardiger as út de krapte. De sjueryleden hoopje dan ek tige dat dy tendins him trochset.

It hat wol fan dy gefolgen west, dat de kar net maklik wie en dat oan it lêste ta guon titels yn 'e race bleaun binne; de Earelist tsjûget dêrfan.

Mar doe moast de lêste beslissing nommen wurde: wa krijt no de Simke Kloostermanpriis 1992? Hielendal der oer iens wie de sjuery it net, al wer in bewiis fan de kwaliteit fan de hjoeddeiske Fryske berne- en jongereinliteratuer. Mar it reglemint fan de priis foarsjocht dêryn: by mearderheid fan stimmen is úteinlik de priis takend oan Mindert Wijnstra syn 'It hûs fol ferhalen'. Op de Earelist, hearrend by de Simke Kloostermanpriis 1992, binne kommen de boeken 'Jelma' fan Eppie Dam, 'De marsbosk' fan Willem Tjerkstra en 'Koartsluting' fan Akky van der Veer. Dy trije auteurs no alfêst fan herten lokwinske!

Wat ha de kritearia west om de priis oan it boek 'It hûs fol ferhalen' ta te kennen? Wy as leden fan 'e sjuery ha der alder-earst ferlet fan, de loftrompet oer it uterlik op te stekken. Utsoarte hat dat de priis net krige, en giet it hjir om de tekst. Mar wy binne der wol fan oertsjûge dat benammen by literatuer foar jongere lêzers, yn dit gefal dy tusken 8 en 12 jier, dat uterlik in wêzentlike rol spilet.

Hiel opfallend by it priiswinnende boek is de ienheid fan tekst en uterlik. Alderearst giet it dêrby om de technyske útfiering fan it boek. Der is dúdlik soarch oan bestege en it boek hat dêrtroch in keapsjoch uterlik krige. It wat oarsoartige model as it wenstige boekeformaat soarget, mei de opfallende lay-out, dat it boek derút springt. Hjir hat dúdlik net in sunige sinte-knipper oer gear west, de boekfersoargers ha har bêst dien om mei in moai boek foar it ljocht te kommen. En dat is slagge.

Boppedat kinne wy fêststelle, dat der in goede gearwurking tusken skriuwer en yllustratrise west hawwe moat. Net sa ferwûnderlik, as men betinkt, dat dy beide minsken elkoar grif geregeld tsjinkomme. In komplimintsje sawol nei de kant fan de yllustratrise, Babs Wijnstra, as nei de útjouwer, Stichting It Fryske Boek, is dan ek folslein op syn plak.

No dan de tekst dêr't it úteinlik allegear om draait fan 'e middei. Neffens de sjuery, en dêr wie se alhiel ienriedich yn, is it boek in fernijing binnen it oeuvre fan de skriuwer sels, mar ek binnen it gehiel fan de Fryske berneliteratuer. Wie Wijnstra syn earder wurk mear op de realiteit inte, al kaam ek de fantasije yn 'Tante Ka en oare ferhalen' goed nei foaren, dit boek soe men hast in lofsang op dy fantasije neame kinne. It hat wat sprankeljends oer him, dat de sjuery tige oanspreek en ek de hieltyd wer opljochtsjende humor wurket oan dat sprankeljende karakter mei. Taalgrapkes en wurdboarterijen foarmje in ûnderdiel fan dy humor, mar ek it tekenjen fan sitewaasjes. Stel jo allinne mar de bus foar ûnderweis nei 'Earnehinne (fia Futsjefinne)' mei syn wûnderaardige en aparte passazjiers.

In inkelde kear giet dy humor wolris oer de hollen fan de bern hinne, mar dat is net fan sa'n aard dat it steurend is. Boppedat moat men lêzende bern net ûnderskatte en is by foarlêzen sa'n beswier alhiel op te heffen. Benammen by de parten dy't ferwize nei oare Fryske literatuer kin soks hiel maklik al foarlêzende en pratendewei oplost wurde. Yntertekstualiteit, it is in begryp dat men yn de moderne literatuerwittenskip hjoeddedei withoefaak tsjinkomt. De skriuwer Wijnstra stiet dêrmei folop yn syn eigen tiid en lit tagelyk sjen, dat er net benaud is te ferwizen nei figueren út ús eigen, Fryske, literatuer. Dêr meie wy, grutten en bern, liket er te sizzen, bêst grutsk op wêze. Gysbert Japiks, de dichter út in skier ferline, is werom te kennen

yn in stânbyld, wylst de pionier op it mêd fan de Fryske bernepoëzjy troch de yllustratrise it near libbene stânbyld fan in beam tabedield krige hat, de Diet Huberis of Teltsjebeam.

Grutsk wêze op eigen literatuer, in boadskip soe men it neame kinne. Dat boadskip moatte wy dan wol, soms letterlik, tusken de rigels troch, by de yllustraasjes, opfandelje. Nearne hat it ferhaal moralistyske trekjes krige en it nimt de jonge lêzer ek dêryn folslein serieus.

By de komposysje falt de moaie sirkelgong fan it ferhaal op. It is opboud as in ramtferhaal mei dêryn allerhanne soarten ferhalen en sels in fers dy't skriuwer Binne Singelier oan Joast en syn ûnderweis opdiene freondintsje Sjutsje fertelt. Yn ferliking mei it gehiel is it ramt faaks in bytsje oan 'e lange kant; dochs kin it hast net oars om't dêryn de meispylers yntrodusearre wurde moatte. Yn it lêste ferhaal, 'Joast en de draak', komme dy ferhaalfigueren allegear nochris wer op it aljemint, en wurdt dêrmei de sirkel fan it ferhaal op in knappe wize rûn makke. Sels de titel fan dit ferhaal wurket dêr oan mei, om't it sa in tsjinhinger fynt yn it ferhaal dat de oanlieding fan alles wie. De titel dêrfan wie: 'De wraak fan de draak'. It ramt sels wurdt hiel koart op de lêste side ôfsletten, dêr't de folwoeksen 'tillefydioaten', krekt as yn it begjin, noch wer even te kak set wurde. Sa kinne wy stelle, dat it ramt mei syn ferhalen goed trochticht útwurke is, sûnder dat it bonkerak steurend te sjen of te fielen is.

De taal dêr't dat ramt mei syn ynhouten stal yn krige hat, is eigentiids en ryk. Hjoeddedei wurde dy beide begripen soms as in tsjinstelling oanfield. De skriuwer Mindert Wijnstra hat mei syn 'It hûs fol ferhalen' sjen litten, dat sa'n tsjinstelling perfoarst net nedich is. De lêzer kin mei it ferhaal syn wurdskat útwreidzje net allinne, mar kin der - hiel gewoan - fan genietsje. Lêze en werlêze leveret hieltyd wer dat genietsjen op. En dat is úteinlik dochs de wichtichste funksje fan literatuer. Dêrom: de Simke Kloostermanpriis 1992 foar it boek 'It hûs fol ferhalen' fan Mindert Wijnstra!

Fan herten lokwinske út namme fan myn meisjueryleden Alian Akkermans en Wim van der Schaaf en fansels út namme fan mysels!

Jant van der Weg

21 novimber 1992